



Ferslach gearkomste op 7 jannewaris 2023 yn Tresoar.

Skriuwer Jabik van der Bij is hjoed foarsitter omdat foarsitter Gosse van der Plaats en ek de oare bestjoersleden hjoed oare ferplichtings ha.

De foarsitter hjit eltsenien **wolkom**; moai, in seal fol minsken (25). Ek in tige wolkom foar de sprekker André A. Buwalda.

Meidielings. Foarsitter docht te witten dat de folgjende gearkomste is op 28 jannewaris mei as sprekker Pieter Nieuwland. Doel is dan om nei it skoft fragen fan de leden te besprekken. Mar oant no ta is der noch mar ien fraach binnen kommen.

Besprekking ferslaggen. Fan twa gearkomsten, 9 april 2022 en 29 oktober 2022, wurde de ferslaggen besprutsen. De foarsitter merkt op dat de titel fan it ferslach fan 9 april it jiertal net 2020 mar 2022 wêze moat en dat it earste jierboek de datum 2020 ha moat. Beide ferslaggen wurde goedkard en der binne gjin opmerkings nei oanlieding fan.

Lêzing: Dan is it wurd oan André A. Buwalda dy't ús meinimt op it paad fan de Aysma/Lauta van Aysma-famylje. Hy hat der 25 jier mei dwaande west. Hy is der tige wiis mei, dat op oantrunen fan Pieter Nieuwland in artikel oer dizze famylje opnaam is yn it Jierboek 2022. No leit alles wittenskiplik fêst. Buwalda fynt it wichtich dat famyljeûndersyk troch giet. As foarbyld fan in famylje dy't yn oanmerking komt foar in nij ûndersyk en publikaasje neamt hij de famylje Sippens yn Easterein.

Dan Aysma. It begjint mei Hessel Aysma yn de 15e iuw en mei twa plakken Bitgum en Wier. Mar it is net wis dat de âldste Lautas (Wier) en de âldste Aysmas (Bitgum) broers binne. Der is ek gjin wissichheid oft dizze famylje doe wol of net fan adel west hat. De famylje Lautas van Aysma is yn 1825 yn de adelstân opnaam.

Yn it famyljewapen oerhearsket de út it Lauta wapen ôfkomstige liuw. De Aysma's ha op in grut tal states wenne; faak krigen troch in goed houlik te sluten. Want in goed houlik wie de manier om jild en besit by inoar te swyljen. Buwalda neamt seis troch Lauta/ Aysma bewenne Fryske states, en dêrby ek Osinga yn Skettens, dêr't fjouwer generaasjes Aysma wenne ha.

Yn de begjintiid hiene famyljeleden boargerlike beroppen, deputearre, boargemaster, grytman, presidint fan it Hof fan Fryslân. Mar fan in begjin fan de 17e iuw ôf ha leden fan dizze famylje mear en mear in militêr berop keazen. Sprekker lit in oersjoch sjen fan alle militêre beroppen fan de Aysma's; dêrby natuerlik de ferneamde yn 1637 en yn 2018 (twa kear dus) yn Skettens begroeven luitenant-kolonel Skelte van Aysma. Mar ek syn pakesizzer Skelte van Aysma wurdt neamd, dy't lykwols net fierder kommen is as kaptein; miskien omdat hy jong stoarn is. Mar Buwalda fertelt ek dat dizze Skelte as tsjerkfâd fan Skettens ôfset is fanwege wanbehear fan de tsjerklike finânsjes.

Nei it skoft nimt Buwalda ús mei nei Brabân ta omdat de famylje dêr telâne kommen is. In pear generaasjes letter wurde trije broers yn 1825 opnaam yn de adelstân. Omdat der gjin manlike neiteam fan dy trije broers is, hâldt it yn 1898 op. Buwalda fertelt hoe't út de erfenis fan ien fan de beide lêste erfdochters yn Veenendaal in appartemintekompleks boud is. Lykwols ferkeard belizzen yn oandielen yn USA betsjutte yn 2002 in miljoeneferlies.

Mar yn 1898 is it noch net foarby mei de Lauta van Aysma's. Yn 1825 wie der in healbroer dy't gjin adellike titel krigen hat. Hy wie oan de ein fan syn libben deagraver. Mar André Buwalda hat it foarinoar krigen dat Frans Lauta van Aysma, út de neiteam fan de deagraver, yn ús tiid de titel krigen hat, dêr't hy fanwege bewiisde besibbens rjocht op hie.

In tige nijsgjirrich en goed brocht ferhaal waard dêrmei ôfsluten.

Neidat de sprekker antwurd jûn hat op in tal fragen betanke de foarsitter him tige foar de lêzing.

It lêste agindapunt wie it **omfregjen**. Dêrnei slút de foarsitter de gearkomste en winsket eltsenien in goede reis nei hûs ta. Oant de oare kear.

Kees de Boer, waarnimmend notulist.